

Skriuwoopdracht A 20 septimber 2014

By de korreksje wurdt útgien fan ûndersteande rjochtlinen:

1) skriuw oer de titel: tink derom hoe't de titel steld is. As in titel yn 'e freegjende foarm stiet, wurdt in miening ferwachte, dy't stal jûn wurdt mei arguminten; stiet der in útropteken efter de titel, dan ymplisearret dat in emoasje, dy't ta útdrukking komme moat yn de skriuwoopdracht;

2) jou struktuer oan mei in ynliding, in kearn en in ôfsluting. De grinzen dêrtusken moatte dúdlik wêze. Byneed wurdt dat oanjûn troch in rigel oer te slaan. Besykje in dúdlike, heldere ynliding te jaan, op sa'n wize, dat de lêzer nijsgjirrich wurdt nei it ferrin fan it ferhaal. De kearn fan it ferhaal omfiemet it grutste part fan it gehiel. As jo mei alinea's wurkje, wurdt it moai oersichtlik. Foar de kearn jildt lykas by de ynliding: brûk dúdlike, konkrete taal, mei in logysk ferrin fan de feiten. Om in logyske opbou fan 'e kearn te krijen, soene jo josels in tal mei it ûnderwerp gearhingjende fragen stelle kinne. Lykas: hoe is it ûntstien/wat binne de feiten/wêr draait it op út? Yn 'e ôfsluting kinne û.o. in konsekwinsje, in konklúzje of nije perspektiven neamd wurde. Hoe lang oft in ynliding of in ôfsluting wêze moat, is min te sizzen. It hinget fan in soad faktoaren ôf;

3) wêr wurdt noch mear acht op slein by de beoardieling?

a) de feiten moatte dus sa helder en dúdlik mooglik werjûn wurde. Wurdt te abstrakt skreaun, dan bestiet de kâns dat it ferhaal dizzenich en betiizjend wurdt. Boppedat reitsje jo as skriuwer ek gauwer de tried kwyt;

b) der wurdt nei de styl fan it skriuwen sjoen: de wurdkar is wichtich. Troch it brûken fan synonimen kin de taal libben makke wurde, der moat besocht wurde fariaasjes oan te bringen as jo mei in nije sin begjinne (dus net hieltyd mei 'om't/se/ik/doe/en' begjinne), te koarte sinnen kinne it gehiel wat stjitterichs jaan, te lange sinnen lêze min en it is nuodlik, út grammatikaal each besjoen. Wurden dy't slane op in foarôfgeand sintsje of op in foarôfgeand haadwurd, lykas 'dy't/dat/dêr't', moatte grammatikaal wol meielkoar strike;

c) brûk geef Frysk, frij fan ynterferinsjes;

4) staveringsflaters wurde ek achtslein: by de korreksje giet der by eltse flater ientredde punt ôf, mar der meie net mear as seis punten fan it sifer foar dit aspekt ôflutsen wurde (ien dy't b.g. tritich staveringsflaters makket, hellet foar dit aspekt dus noch in 4). Tink om punten, skrapkes en oare lêstekens;

5) de lingte: oardel side is genôch, komme jo net fierder as ien side en de skriuwoopdracht foldocht ynhâldlik wol oan 'e easken, dan kin dat. Mar it is ferstanniger om op syn minst fan oardel side út te gean; de lingte fan in brief moat op syn minst 250 wurden bedrage;

6) in skriuwoopdracht is ûnfoldwaande as de ynhâld net strykt mei de titel, as de opbou betiizjend is en de wurdkar neatsizzend, mei oare wurden: as de beoardieler der sturt noch kop oan fine kin; wa't net oer ien fan de ûnderwerpen fan de opdracht skriuwt of oer mear ûnderwerpen wát, kriget in 3;

7) by de berekening fan 'e sifers geane de korrektoaren út fan fjouwer aspekten: 1) struktuer 2) ynhâld 3) taal 4) stavering. Dy fjouwer aspekten krije in ferskillend gewicht: struktuer 10%, ynhâld 40% en taal en stavering elk mis 25%. De korrektoaren jouwe in sifer fan 1 oant en mei 10 (dat mei ek mei desimalen) foar alle aspekten (b.g. in 8,2 foar struktuer, in 6,3 foar ynhâld, in 5,8 foar taal en in 7,5 foar stavering) en fermannichfâldigje dat foar ynhâld mei 4 en dat foar taal en stavering elk mis mei 2,5. Hja telle dy trije útkomsten + it sifer foar struktuer byinoar op en diele it totaal troch 10. Yn it foarbyld hjirboppe leveret struktuer $8,2$, ynhâld $6,3 \times 4 = 25,2$, taal $5,8 \times 2,5 = 14,5$, stavering $7,5 \times 2,5 = 18,75$ punten op. Mei-inoar jout dat $8,2 + 25,2 + 14,5 + 18,75 = 66,65$ punten. Dield troch 10 wurdt it sifer dan (nei ûnderen ôfrûne) in 6,6.

By dit ûnderdiel wurdt troch twa korrektoaren ûnôfhinklik faninoar in sifer jûn. Beide sifers wurde middele ta ien einsifer.